

## DAT WIE DOE SA

Miskien ha jim wolris fan 'Dat wie doe sa' heard. Under dizze namme wurde allerhanne aktiviteiten foar âlderein organisearre. Ien fan deze aktiviteiten is it oansprekken fan âlderein mei ferhalen oer earder. Yn dizze opdracht lêze jim sa'n ferhaal foar oan âlderen, om se dêrnei te ynterviewen.

### Tarieding

- Meitsje in groepke fan twa of trije learlingen en sykje in ferhaal út in dieltsje fan 'Dat wie doe sa' oer in ûnderwerp dêr't jim mear oer witte wolle. Lês dit ferhaal earst sels en bepraat it dêrnei mei de oaren út jim groepke. Doch dit goed, want jim sille it foarlêze oan âlderen yn it soarchsintrum by jim yn de buurt. Dat kin oan ien bewenner, mar ek oan in groepke.
- Nim kontakt op mei in soarchsintrum by jim yn de buurt. Dat kin telefoanysk of mei in e-mail, mar it is better om der sels hinne te gean en te freegjen nei in liedingjaande. Oerlis mei it soarchsintrum oan wa't jim it ferhaal foarlêze meie en wa't jim ynterviewe meie. Freegje ek oft se de bewenner(s) dy't jim ynterviewe sille op de hichte stelle wolle en meitsje dêrnei sels in ôfspraak mei dizze bewenner(s).

## It Frysk

It ferhaal fan in taal

- Betink de fragen dy't jim nei ôfrin fan it ferhaal stelle wolle. It belangrykste is om yn it foar te betinken wat jim yn alle gefallen te witten komme wolle. Hjir folgje in tal foarbylden fan fragen:
    - "Wat fûnen jo fan it ferhaal?"
    - "Wat witte jo sels noch út de tiid fan it ferhaal?"
    - "Wat fûnen de minsken om jo hinne derfan?"
    - "Ha jo noch foto's dy't we miskien brûke meie foar de presintaasje?"
- Tip:** Betink koarte fragen dy't begjinne mei *hoe, wat, wêr, wêrtroch, wannear* en *wêrom*.
- Meitsje ôfspraken oer wa't de fragen stelt, wa't skriuwt, wa't it petear filmet en watfoar materialen oft jim nedich hawwe (sjoch by watst nedich hast). As jim oer alles tefreden binne en alle ôfspraken mei it soarchsintrum makke binne, is it tiid foar it echte wurk!



Ien fan dizze dieltsjes ha jim nedich by dizze opdracht.



Learlingen op besite foar in fraachpetear yn it soarchsintrum.

wat bist  
nedich?

Papier, pinne, fideokamera,  
dieltsje út de 'Dat wie doe  
sa'-rige.



## Uitvoering

5. Kom fanselsprekkend op 'e tiid yn it soarchsintrum en stel jimsels foar. Fansels soargje jim derfoar dat jim der kreas útsjogge, want de earste yndruk is it belangrykst. Ferjit net de bewenners oan te sprekken mei "jo". Begjin om yn de sfear te kommen earst eefkes oer fan alles en noch wat te praten. Fertel dêrnei yn it koart noch de bedoeling fan de opdracht.
6. Sykje in geskikt plak dêr't jim it petear hâlde kinne. Sykje by foarkar in fertroud plak foar de persoan dy't jim ûnderfreegje (bygelyks de wenkeamer). Dan sil de bewenner makliker en frijer prate. Nim it ynterview op (as dat mei) en meitsje by it ynterview oantekeningen. Freegje ek oft jim de namme fan de persoan brûke meie.

## Presintaasje

7. Bewurkje de opnames ta in koarte fideo fan maksimaal 5 minuten. It kin wêze dat jim by it bewurkjen noch fragen hawwe. Freegje dêrom oft it ek goed is dat jim dan noch ris delkomme om dy fragen te stellen. Wachtsje net te lang mei it bewurkjen fan de opnames.
8. Presintearje de fideo oan jim klasgenoaten. It útwurke ynterview litte jim fansels ek sjen oan de persoan dy't jim ynterviewd hawwe.

## Tips

Lês foardat jim it ynterview hâlde sille ûndersteande tips troch.

- a. Stel ien fraach tagelyk en bliuw by it ûnderwerp. Soargje derfoar dat jim fragen dúdlik en net te lang binne. Folje boppedat it antwurd net sels yn, wannear't jim in fraach steld hawwe.
- b. It is handich om nei it krijen fan in antwurd troch te freegjen ("wêrom wie dat sa?", "wat fine jo dêrfan?", "wat barde doe?"). Freegje it ek gewoan as jim in antwurd net hielendal goed begripe.
- c. Praat dúdlik en sjoch by it stellen fan fragen de oar ek geregeld oan. Wannear't jim allinne mar nei jim papier stoarje, kinne jim wolris dreech te ferstean wêze, benammen foar in âlder persoan.
- d. Troch tuskentoch in kear te knikken of te 'hummen' jouwe jim oan dat jim oandacht hawwe foar de persoan dy't jim ynterviewe. It jout ek in gefoel fan fertrouwen en begryp.
- e. Tink om jim lichemshâlding. Sit bygelyks net de hiele tiid mei de earms en skonken oer elkoar. Want dan liket it krekt oft jim net ynteressearre binne.
- f. Ferjit as lêste net om de tiid yn de gaten te hâlden (in healoere oant trije kertier)! As jim klear binne mei it ynterview, betankje dan de persoan dy't jim ynterviewd hawwe.



It logo fan 'Dat wie doe sa'.

Grutsk op jim fideo?  
Gean dan nei  
[www.skiedniklip.nl](http://www.skiedniklip.nl) en  
set'm yn de Skiedniklip-app!

